IT LIBBEN FAN

DE HILLIGE MARTINUS

fan

Venantius Fortunatus

Oerset yn it Frysk troch

Klaas Bruinsma
en
Joop Zeinstra

Ynlieding en Taljochting

Joop Zeinstra

Elikser
UITGEVERIJ

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 355 8
1e printing 2021
© Venantius Fortunatus, 2e helt 6e iuw
© Fryske oersetting Klaas Bruinsma 2017, Joop Zeinstra, 2021

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8901 AA Ljouwert
Tillefoan: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra
Dizze útjefte waard mei mooglik makke troch in bydrage fan de provinsje Fryslân.

provinsje fryslân
provincie fryslân

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print,fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

It Libben fan de Hillige Martinus

fan

Venantius Fortunatus

Oerset yn it Frysk troch
Klaas Bruinsma
en
Joop Zeinstra

Ynlieding en Taljochting
Joop Zeinstra

Elikser
UITGEVERIJ

YNHÂLD

Foaropwurd	7
Ynlieding	9
Foarsang ta Agnes en Radegundis	13
It libben fan de Hillige Martinus	15
Boek 1	15
Boek 2	31
Boek 3	47
Boek 4	63
Taljochting	85
Appendix	89

FOAROPWURD

It libben fan Sint Martinus is de oersetting fan Venantius Fortunatus' Latynske wurk *De vita Sancti Martini* troch Klaas Bruinsma, bewurke en dien makke troch Joop Zeinstra.
Venantius Fortunatus (± 536 - 610), dy't sjoen wurdt as de lêste Romeinske dichter fan de lette âldheid is in kristlik dichter, ien fan de belangrykste dichters út de Merovingyske tiid (betide midsiuwen).
Sint Martinus hat sûnt de âlde tiden oant hjoed de dei in tige fereard biskop (fan Tours yn Frankryk) west om syn goed kristlik en tsjerklik liederskip en foaral om syn goedens en syn ienfâldige libbenswize. Hy wie *mei* ien fan de oprjuchters fan de tsjerke as ynstitúsje yn Europa. Mannich tsjerke, ek yn Fryslân, is oan him wijd.
It belang fan dit wurk leit him diels yn it tema (de hillige Martinus) en diels yn de literêre wearde fan sawol it wurk fan Fortunatus as ek de fertaling yn it Frysk.
De oersetter Klaas Bruinsma wie ferneamd om syn byldzjend Frysk. Syn enoarme talekennis yn kombinaasje mei syn lyryske talinten makken syn wurk ta in wichtich stik erfguod foar it Fryske taalgebiet. Spitigernôch wie de oersetting fan *It libben fan de Hillige Martinus* net folslein doe't de 'Master fan de Talen' ein 2018 stoar. Flak foar syn dea joech hy te kennen dat hy stommegraach woe dat it boek likegoed útjûn waard. Joop Zeinstra, âld-learaar Latyn en Gryks oan it Stedelijk Gymnasium yn Ljouwert en goekunde fan Klaas Bruinsma, is ree fûn om it wurk te foltôgjen, mei as resultaat in treflike oersetting, alhiel yn de styl fan Bruinsma sels.

It libben fan de Hillige Martinus is it slútstik fan in lange rige fan prachtige oersettingen fan Klaas Bruinsma. Mei grutte tank oan Joop Zeinstra foar syn entûsjasme en ynset by dizze tiidrôvjende en drege ûndernimming, dy't folslein rjocht docht oan de neitins fan Klaas Bruinsma.

YNLIEDING

De hillige Martinus, haadfiguer yn it epos fan de dichter Venantius Fortunatus, waard foar it neist ca. 336 n. Kr. yn de lêste libbensjierren fan Konstantyn de Grutte berne yn de Romeinske provinsje Pannonia (tsjintw. Hongarije-Eastenryk), groeide op yn Noard-Itaalje en nimt krekt as syn heit tsjinst yn it Romeinske leger. As jong offisier en noch as katechumeen dielt er syn legermantel mei in bidler yn de poarte fan Amiens, in died dêr't er troch de iuwen hinne as hillige it meast om bekend stean sil. Koart dêrnei lit er him dope, en yn de jierren 356/357, as de lettere keizer Julianus in offensyf ynset tsjin de Franken by Keulen en de Alemannen by Straatsburg, nimt Martinus nei in konflikt mei Julianus ûntslach út it leger en wurdt muonts. Under de muorren fan Milaan begjint er syn kluzenersbestean en keart him tsjin de biskop fan Milaan, Auxentius, yn de striid tusken de Arianen, foar wa't Kristus foaral minske is en as Soan ûnderhearrich oan de Heit, en de Ortodoksen foar wa't Kristus minske is én God en as Soan ien yn wêzen mei de Heit. Auxentius ferjaget Martinus fan Milaan. Dy siket letter kontakt mei Hilarius fan Poitiers dy't, allyksa om syn opfetting oer de Trije-ienheid, fan syn biskopssetel ferband is nei Lyts-Azië, mar yn 359/360 nei Poitiers weromkeare kin. Martinus stiftet dan, as learling fan Hilarius, by Poitiers in kleaster en libbet syn libben fan muonts en hearremyt, mar hy preket ek, bekeart, genêst, driuwt duvels út en hellet timpels del yn syn striid tsjin de 'ôfgoaden/duvels'.
Yn 371/2 kieze de leauwigen fan Tours him, tsjin syn sin, ta biskop. Hy bout dan in kleastersel by Tours en bliuwt ek as biskop yn it foarste plak muonts. Yn syn striid tsjin it Arianisme botst er mei keizer Valentinianus I (364-375) en syn frou keizerin Justina. Letter keart er him tsjin Maximus (usurpator, keizer te Trier 383-388) en tsjin de wrede oanpak fan de Priscillianen (in asketysk-pneumatyske ketterij foaral yn Spanje) yn 385, wat ta in brek mei syn kollega-biskoppen liedt. Sûnt dy tiid mijt er biskoppesynoades yn Gallië. Wol hâldt er ynfloed op Maximus troch syn frou, de keizerin, dy't in grut bewûnderer fan de hillige is. Yn de simmer fan 388 komt it ta in treffen tusken de keizer yn it easten Theodosius, tegearre mei de troch Maximus ferdreaune jonge keizer Valentinianus II, en (Magnus) Maximus. Maximus ferliest de slach en wurdt eksekutearre yn Aquileia. Fan Martinus' politike en religieuze aktiviteiten nei dy tiid hearre wy net folle mear. Hy nimt net diel oan in biskoppesynoade yn Nîmes (mar in ingel bringt him op 'e hichte fan wat dêr besletten is). Mooglik hat er noch wol yn kontakt stien mei syn kollega-biskoppen Ambrosius fan Milaan (374-397) en Siricius fan Rome (384-399) dy't him earder

stipen yn syn hâlding tsjin Maximus en it Priscillianisme oer. Martinus stjert yn 397. Hy wurdt de grutte hillige fan de Franken en fynt dêrtroch ek by de Friezen grutte ferearing (Martini-tsjerken yn Snits, Boalsert, Frjentsjer, Dokkum, Easterein, Bitgum, Boazum esfh. en syn feest op 11 novimber).
Syn libben wurdt al hiel gau nei syn dea beskreaun troch in jongere tiidgenoat en folgeling fan Martinus, Sulpicius Severus, yn de *Vita Sancti Martini*, wurk yn proaza, en de *Dialogi*, petearen fan dyselde Sulpicius oer it libben fan Martinus mei û.o. Gallus en Postumianus, dy't as learlingen Martinus fan tichtby meimakke ha.
De biografy oer Martinus fan Sulpicius Severus (ca. 400) wurdt yn de rin fan de fyfde iuw folge troch in dichtwurk oer Martinus yn heksameters fan de hân fan Paulinus fan Périgueux (Paulinus Petricordiensis) yn 6 boeken (omtrint 460 n. Kr.). Dêrmei is noch gjin ein kommen oan de fersprieding fan de legindes oer Martinus fan Tours, want in iuw letter fielt in lettere opfolger op de biskopssit yn Tours, Gregorius, him roppen nochris it wûnderlike libben fan de grutte hillige te beskriuwen, *De Virtutibus Sancti Martini Episcopi*, in proazawurk yn 4 libri. Dizze Gregorius fan Tours, foaral ferneamd om syn *Historia Francorum*, hat derfoar soarge dat de wûnders en legindes fan en om Martinus nochris ferdichte wurde troch in poëtysk fenomeen dat fanút Itaalje nei Tours kaam om Martinus yn syn grêf dêr te earjen, te witten Venantius Fortunatus mei syn *Vita Sancti Martini*, wêrfan in oersetting út it Latyn yn it Frysk hjir foarleit.

Venantius Fortunatus is berne ca. 530 yn 'Duplavenis' tichtby Treviso yn in tiid dat Itaalje behearske waard troch East-Goaten (Theoderik, Totila, Teja), en de (East-)Romeinen ûnder Justinianus dwaande wiene mei de herovering fan dat lân. Fortunatus studearre yn Ravenna (dat yn 540 troch de Romeinske generaal Belisarius op de East-Goaten herwûn wie) en kaam yn 564/565 fia in reis oer de eastlike Alpen, fia Trier, nei Gallië om it grêf fan Sint-Martinus te Tours op te sykjen. Hy fûn in wenplak súdlik fan de Loire yn Poitiers, dêr't er befreone rekke mei de hillige abdis Radegunde en har pleechdochter en mei-suster Agnes. It measte wat wy fan Fortunatus witte is út syn eigen gedichten, bygelyks dat hy fanwege in eachsykte, dêr't er de genêzing fan taskreau oan Martinus, yn Ravenna de gelofte dien hie it grêf fan de hillige yn Tours te besykjen. In part fan dy reis is werom te lêzen yn it slot fan Boek 4 fan syn *Vita Sancti Martini*. Dit dichtwurk, in epos yn fjouwer boeken, basearre op de libbensbeskriuwing fan Martinus troch Sulpicius Severus hat er, sa't er sels skriuwt yn in begeliedende brief oan syn freon Gregorius, biskop fan Tours, foltôge 'yn in healjier, te hastich, te rûch en metrysk net folslein

neffens de antike standert'. Hy fielde himsels, sa't er kear op kear fersekeret, kwalik by machte te foldwaan oan de eigen gelofte Martinus' libben yn dichterlike fersen en daktylyske fersfuotten wer te jaan; in topos: de dichter lyts en ûnmachtich foar it grutske wurk dat him wachtet.
Fortunatus waard pryster en oan 'e ein fan syn libben biskop fan Poitiers, mar yn it foarste plak is er dichter: brulloftsgedichten, begraffenisgedichten, lofdichten op hilligen en Merovingyske foarsten, it besjongen fan de natoer mei har rykdom oan blommen en planten, it geniet fan lekker iten en it drinken fan wyn. Oerhearskjend yn syn poëzij binne dochs kristlik-godstsjinstige tema's. Fan syn liturgyske sangen spylje it *Pange, lingua* en it *Vexilla regis* noch altyd in rol yn de katolike liturgy.
Bûten de *Vita Sancti Martini* is it measte fan Fortunatus' poëzij, mar ek fan syn brieven en betogen yn proaza, bondele yn *Carminum Epistularum Expositionum Libri Undecim*. Alve boeken, rubrisearre neffens tema of persoan. Sa binne de earste 10 gedichten fan boek 8 en alle gedichten fan boek 11 wijd oan de him tige dierbere abdis Radegunde. Utsein in inkel gedicht, adressearre oan Agnes.
Fortunatus is stoarn omtrint 605 n. Kr.
Foar de Fryske oersetting is tankber gebrûk makke fan de Latynske tekstedysje fan Fridericus Leo en fan de Frânske oersetting fan Philippe Remacle.

FOARSANG TA AGNES EN RADEGUNDIS [1*]

As in seeman sûnder erfaring sile wol op in ferbolgen djipte
en ûnbedreaun de stoarmige seewetters yngiet,
wylst it wetterwiid raast fan in heas baltende dining
en de swalkjende weagen gromj' yn in skriklike brâning,
wannear't de siedende see hege bergen fan wetter opwâlet
en de effen rêch fan de see opswolt ta in beweegjende rots en
as de floed by de klippen heapen fan wrakhout opsmyt
wêr't meiskuorrend wetter droant tusken swimmende bergen:
dan omflechtsje donkere weagen it boatsje en skodzj' it troch inoar
wylst it syn reis troch it wiete wetterfjild skommeljend fuortset.
En as de woeste stoarm oanwaakst en 't skom it loftrom yn swypket
en de blaugriene see de holl' optilt ta de stjerren,
dan smyt in floedweach de seeman omheech en hy fljocht troch de wolken
en syn sweevjende fartúch kringt troch yn de wegen fan 't loftrom.
Ien kant fan 't skip riist op en de oare dûkt del yn it grûnsân
en it wankele lykwicht skoddet it skip yn de ûnwisse brâning.
No ris is sichtber in razende stoartsee dy't driget fan boppen,
en bewap'net de see sels fan boppen 't grimmitige wetter,
dan wer springt op troch in stjit fan de see en de seewyn it skipke,
en fljocht it omheech út it djipst fan de floeden.
Syn drystmoedig' kaptein wurdt kjel fan de sidd'rjende weagen,
en siket ferbjust're in paad yn dy grutte betizing.
Triljend, ferstuiv're, ferdwaasd, ûngerêst, wif en eangstich,
brein fertiisd, ferliest de skipper syn holle.
Dan lit er 't roer los dat hy mei ferstân heart te stjoeren en
troch it gewicht fan it wetter oerwûn, moat hy yn ûnkunde swichte.
Sa bin ik, fan geringen de minste, earweardige Agnes
en hill'ge Radegundis, dy't om jim frommens ik earje:
troch myn ûnthjit bin ik twongen te trêdzjen nei steilsteande hichten
en troch sa'n wichtich befel wurd ik dreaun ek al mis ik de krêften.
Wif is myn geast en de Muze widzet him net op har weagen
en de sânige mar fan myn sinnen streamt net út myn mûle.

1 Stjerkes ferwize nei de Taljochting op side 85 e.f.

Myn gelofte wie ’t oer Martinus te sjongen, troch syn fertsjinsten
ta de stjerren ferhege, mar myn kinnen is net by machte.
Jim moatte bidde en freegje, om my in skipbrek te sparjen,
dat hy mei syn blazen fol ynspiraasje myn seilen help biedt.
Dan kin ik leauwe dat myn seilen de haven berikke,
as mei de help fan it leauwe syn amme my tablaast.
Bring my de help fan jim bidden en freegje it Wurd om de wurden.
As dy boarne mar streamt, sil myn lytse wjittering floeie.
Jouwe jim wat jim pleechbern weromjout mei rinte,
opdat ik myn lytse talinten tafoegje kin oan syn skatten.

VENANTIUS FORTUNATUS
IT LIBBEN FAN DE HILLIGE MARTINUS

Boek 1

1 Neidat Kristus heechtroanend werom ta de himel wjerfearn wie,
mei yn syn lea fan triomf de tekens fan d' oerwinning,
en troch syn bút út d' ynfernyske kerker ryk en romroft wie
en hy de deadsmacht ferslein hie fan de tiran fan de helle
5 en yn syn almacht de stielene skoattels fan 't deadsryk tebriiz'le,
woeste oarde fan folk bedutsen yn dizenich tsjuster,
om it leger fan finz'nen te befrijen lâns dûbele poarten -
tûzenen rêde er sa, dat, doe't er werjûn is oan de stjerren
en plak nommen hat op syn troan, rjochts oan de rjochterhân fan de Fader,
10 doe binne safolle wûnders, dy't er jûn hat oan de ierde
en iepenbiere yn 't boek fan 't evangeelje, besongen
en beskreaun mei Hebriuwske, Grykske en Latynske pinne,
steld yn de foarm fan proaza en gewoandeiske setting.

As earste no sette *Iuvencus* it yn in learbere, oarderlike dichtfoarm, *
15 hy song it wurk fan Gods majesteit yn de keunst fan it metrum.
Dêrnei hat ek de taal fan de yllúst're *Sedulius* striele, en *
inkele dingen binn' oanroerd troch *Orientius*' blomrike mûle. *
En oan de fromme mart'lers syn dichterlike jeften skinkend
hat prudent de prudente *Prudentius* wijd harren dieden. *
20 Machtich troch syn komôf, syn hert, syn leauw' en syn witnis
hat *Paulinus* as learling Martinus' leare ûntfâlde. *
En de dieden dy't hjitte *Hanlingen fan de Apostels*
binn' mei elokwinte bespraaktens trochploege troch dichter *Arator*. *
Wat de Genesisskriuwer alear yn in hillige rige fertelde,
25 hat biskop *Alcimus* útienset mei treflike skerpte. *

Ik lykwols, earm fan ferstân, 'n lyts partsje taal fan Itaalje,
swier fan slyk, licht fan taal, tige traach fan begryp en
stomp fan geast, missend de keunst, ûnderfining en net flot yn 'e mûle,
dy't mar in pear lytse drippen fan de letterkeunst preaun ha

en mar in lytse slok út 'e tsjelk fan wolsprekkendheid nomm'n ha,
fan myn stúdzje fan 't rjocht is de rust mar amper noch wiske
en wat 'k alearen leard haw fan al dizze witnis, ferleard' ik,
fan dy fakken is inkeld in snúfk' yn myn noasters te rûken,
en myn toga praetexta draacht gjin reade seame, en
fan myn earme taal is neakene honger noch oerbleaun.
Sil ik dan tusken safolle toppen fan hillige dichters,
wjerljocht fan g'learden en flonk'rjende fjilden fan sprekkers
sil ik, grien, sûnder ien blom, besykje in blomkrâns te riuwen
en myn bitt're absint minge mei floeibere huning?
Dat ik dit dochs doch, dêrta twingt my dit ding:
dat ik net skuldich befûn wurde mei oan in wichtige misdied.
Want it folle ferstân easket tige tapaslik dat ik,
wat ik ûnthjitt'n ha, ynlos troch in lofsang op dizze biskop.
Hy hat de oanlieding west ta myn komst yn dizze kontreien.

Bin ik dan wol weardich de dieden fan sill'ge Martinus,
bern' yn Pannonia dêr't it kleare Sabaria grienet,
mei triljende hân oan te reitsjen en mei eigen tong' te besjongen?
Hy hat gjin ferlet fan myn tsjuster, want mei syn eigen ljocht blikk'rjend
spriedet dy hege Gallyske fjoertoer syn gloed út ta Indië.

Hy in jonge noch, yn prille jit jeugdige jierren,
yn iiskâlde kjeld, wylst wite ryp it lân knisp're
en in grimmitige winter de weagen yn in izige bân bûn
en de wâljende frijheid fan streamen opsluten skûl gong
troch hyltyd skerpere froast, en hy himsels mear en mear ynbûn
en de ie kâlder en kâlder, klaaid yn it klaad fan ferstiving:
moete hy dêr t' Amiens yn de poarte in stienearme bidler
dy't him yn 'e mjitte kaam, en parte mei dizze syn mantel,
bea yn it fjoer fan syn leauwe de helte oan ynkâlde leden.
De ien krijt in part fan de kjeld, de oare in diel fan de waarmte,
hjitte en kjeld wurd' ferparte mids dy beide earmen,
in nij soarte ruil yn 'e hannel fan kâldens en gleonens,
en ien ink'le earmoed sa earlik ferparte yn twaen.
Klaaid yn dit kleed ferskynd' yn in dream him de Skepper,

Martinus syn mantel waard droegen troch Kristus!
Gjin kleed fan keizers hat ea dizze eare fertsjinne:
wite soldatemantel is mear as it poarper fan ken'ngen.
Dit wie it earste lean foar syn deugdsume dieden en pân fan godlike leafde.

Letter doe't woeste barbaren de barrières fan Gallië bestookten,
in fûle fijân 't gebiet fan de Vangionen beneare,
weegre de hill'ge de tsjinst as soldaat en militêre fertsjinsten.
Caesar Julianus mâltjirge en raasde yn grimige woede, *
gebea de rjochtfeard'ge fêst en ûnder bewarring te setten
en dy krijt opdracht sa gau as de dei komt as earste nei 't front te marsjearjen.
Lykwols ferklearret de hill'ge te gean sûnder wapens út foar de liny.
Dat doe kaam de dei fan de oarloch, en de fijân frege om frede!
Troch it gebed fan ien man kaam in ein oan de fuery fan wapens by allen,
en hy as ienling oerwûn sûnder bloed ûntelbere linys.

Iens woed er gean troch de Alpen, hy rekk' yn in skûlplak fan rôvers.
Ien fan harr'n sleepte him mei, de hannen fêst op 'e rêch bûn.
Op 't stuit fan syn dea hie hy each foar 't belang fan syn fijân,
hy preke him God te earjen en de strûkrôver leaude
en dy't him deadzje woe, krige it heil út syn mûle.
Dy woest'ling waard no bûn en meifierd troch de bân fan it leauwe
en Martinus' rôver sels waard omkeard no de rôfbút.
Hoe goed wie dy no foar dizze, mar dizze gâns leaver foar jinge.
Tegearre waarden hja rêden, de ien troch it leauwe, de oar mei it libben.
Beide bleaune behâlden, net ien stoar, sa wûnen hja beide.

Hjirnei reizg' er troch lâns Milaan syn prachtige oarden,
trêde troch blomrike lannen en teach oer leaflike greiden.
Dêr kaam de âlde, drystmoedige fijân him yn 'e mjitte,
syn oansjen ferleag'njend yn it byld fan in minsklike foarm,
falsk yn syn praat, slûchslim yn de keunst om it leauwe te dylgjen,
freg' er Martinus it doel fan de reis, en as antwurd
sei dy dat er dêrhinne gong dêr't God him plichte te roppen.
Ta him sei de fûle fijân: "Wêrsto mar besikest te kommen,
gean ik mei dy mei ta dyn skea en rin 'k yn tsjin dyn winsken."

Daliks spriek doe de hill'ge tsjin him de profetyske wurden:
"De Hear is myn helper, 'k sil gjin kwea of ellinde ea freezje,
myn freze is God, it skyld fan wa't freezje, opdat ik de fijân net freezje.
Feilich mids tsjinslaggen stap ik, myn liedsman wiist my fan boppen,
ûnder godlik beskûl stiet gjin wei ta listleagen iepen."
Dat sei er, en trochsnien troch de pylk fan it machtige skriftwurd
wykte de satan en flechte de skym fan wa't Kristus beskerme.

Wilens syn mem ek ferlossend fan d' heidenske dwaling, *
- hja hie him berne foar d' ierde- hy bernet har wer foar de himel
en jout it ôflibbe minske wer berte yn 't hillige wetter,
en har eigen bern berne wer syn mem út in bettere skurte.

It learstik dat Aríus spuid hie út hillichskeinende mûle, *
hie as in swiere orkaan doe de hiele ierde teroppe:
Yn Illyrië foaral laten kweatongen ta skipbrek.
Hjirút ek foar de rjochtfeardige riisden nije gefjochten
dêr't hy in sterkere strider yn waard mei bettere wapens,
yn it wurk fan de godstsjinst groeiend dwers troch folle gefaren.
Dy skerpsinnige, fromme man, trou atleet fan it leauwe, ferdrukte
it gif fan de ketterij, mar waard yn de striid tsjin de fijân
troch folt'ringen teist're, en gisele, en út de stêd ferjage.
Hy belied ûnder mart'ling: de Heit en de Soan en de Geast
binne lyksoartich yn macht en natoer en substânsje,
krêft, ljocht en eare mei ienselde wil yn dy trije.
Wyls wurdt de leave lea fan de man troch skerpe swipen teroppe,
de jong'ling Christi waard folt're mei ferâld're torminten.
Mar swierdere straf wurdt licht troch de namme fan Him dy't er leaf hat.

En meidat de heechste top fan leauwe, deugd en eare,
Hilarius, de strielen fan syn rom oer de ierde struide *
de tsjerklike rjochten fan 't prysterskip behoarlik bestjoerend,
hy, oeribele hoarn, trompet fan de wet, heraut fan de Tong'rer
moaier as barnstien, gleoner as goud dat trijeris kôk' is,
breder jit as de Po, fûler as de wiidweidige Rhône,
oerfloed'ger as de Nyl en wider as de nommele Donau,

130 tûk yn it spuien fan floeden fan 't oerstreamend herte,
mei de boarnen fan syn ynboarst de toarstige sielen bedauwend,
syn geast fol fan de twa kear twa boeken fan 't hill'ch evangeelje,
fjouwer nije rivieren út syn mûning streamend de wrâld oer,
machtige pearl fan de tsjerke, diadeem mei al skitt'ring,
135 as in blinkende holbân oan holle en lichem fan Kristus,
mei hiel syn hert strídend, stielen topaas mei syn witnis,
in geast ta it wurk fan it leauw', ûnwrikber yn 't striidperk,
briljant yn wolsprekken, út syn mûle diamanten fol glinster,
doctor apostolicus, mei syn rede sofisten ferleegjend,
140 mei lear, ljocht, leauw' en deugd syn folgers formearjend.
Omdat dizze persoan de fijân te mânsk wie en alûnoerwinlik,
waard er yn ballingskip fierd, fier fuort nei Seleukia yn Azië,
mar dizze Kristensoldaat krige help en syn lean fan de himelske kening.
Yn syn ôfwêzen swichte it swalkjende Gallië foar dwaling,
145 it hiele gea wank'le doe't dy sterke toer stie te skodzjen.
En sa gau't Martinus 't fernaam, doe boude hy hastich
in sel te Milaan foar in kleaster, ûnder it bolwurk,
wêrút him ferdreau Auxentius, ûngerjocht biskop. *

Hjirnei gong de fromme balling dêr wêr't Gallinaria opriist,
150 in eilân, earm oan frucht, him fuorjend mei woartels fan planten.
Sa naam er dêr fan it giftige wrangkrûd in stik yn 'e mûle,
en stoar er hast fan it iten dêr't er fan miende te libjen.
Inkeld in bea hie de krêft it kweade fenyn te ferdriuwen,
wylst de man libbe stoar syn eigen dea binnen yn him.

155 En doe, doe't Hilarius mooglikheid jûn waard nei hûs ta te kearen,
gong de rjochtfeardige man yn syn spoar, him efternei,
hja lizze elkoar, wurde freonen, en Martinus wurdt Hilarius' learling.
In kleaster ûntstiet, mei muontsen, net fier fan it Frânske Poitiers.
Slút by harren oan in katechumeen, om út hillige mûle te learen.
160 Dy waard lykwols troch in slimme dea weiskuord, doe't Martinus fuort wie.
Sjoch, yniens is Martinus der wer, dy't der net wie by 't ferstjerren.
En sjoch, piëteit komt werom, tagelyk komt werom ek de ark fan it heil.
Dat, sa gau't er it lyk seach dat stiif en iiskâld fan koarts wie,

skriemd' er en sucht' er en treurd' en kjirmd' er en brând' it him.
Ynspireard troch de geast gebea er de oaren de sel te ferlitten
sluet de doarren, en bleau sûnder tsjûge benefter.
Doe smiet er him hertstochtlik op 't kâlde lyk fan de dead', en
steld' as eask foar de Rjochter dat 't Deadsryk de ferstoarne útspuide.
It duorre en duorre en twa folle oeren ferrûnen,
mar sjoch, it gesicht komt werom en waarmte rint troch it lichem,
der stiet in reade kleur op de wangen en de pupil fan it each krijt wer ferve
en de djipsonken eagen fernije de loaits en it eachweid.
As streamen swelle de ieren, no't de boarne fan 't bloed animeard is,
swietsjeswei komt de pylder oerein al is it spantwurk noch wankel,
en it hûs en syn gast allyk rize op fan de grûn dêr't hja leine.
Hy, nei himsels opnij libjend, deselde: stamheit en neiteam.
Dy, herlibjende, seit dat er brocht waard foar it gerjocht fan de Rjochter
om doemd te wurden, mar op Martinus syn bea waard werombrocht.

Ienris, hy reizge gleonhastich troch Lupicinus syn geaën,
fernaam er, - o wee -, in feint wie troch in wrede dea meiskuord,
dy hie syn halsbonke brutsen troch wreed himsels te ferhingjen.
Hy gong ta nei it plak dêr't it ûng'lokkige slachtoffer bong'le,
Hy dreau elkien dêrwei, socht allinne syn wenstige wapens,
gong doe lizzen op it lykbleke liif fan d' ûntsiele en de romp
fan de hill'ge drukte op him opdat de kiste fan 't grêf net him drukte.
Fuort stjoerd' er op in gebed, nei it ear fan de libbene Heare,
fuort stoep de dea tebek, liet syn proai yn it flechtsjen benefter:
Doe braakte de fraat syn bút út, út syn begearige kielsgat.
Fuortdaliks nei stadich besykjen fan de ferstoarne
beweegde it stof fan de deade no lichter, animeard troch de waarmte,
heve de lij'rige nekk' út de dea en de sliep'rige eagen,
kwalik ûntskoatt'ljend it wekkere ljocht út it swiere loaitsjen;
mar de rook fan de dea bleau jit yn syn noasters benefter.
Martinus syn hân fêstpakkend rjocht' er hiel de lea tagelyk op, en
doe stie wer it hiele bouwurk fan lidden op stevige fuotten.
Ta 't libben werombrocht wjerleard' er, neitinkend, it rinnen en
die him in tsjinst werom foar dy hillige jeft fan it libben:
Ta oan de hal fan it hûs besocht hy syn rêder te bringen